



# Sil de strânjutter

(Sil de strandjutter)

Toneelspel in drie bedrijven

naar het gelijknamige boek van  
**COR BRUIN**

in een toneelbewerking van  
**H.N. Booy en F. Drost**

Fryske oersetting  
**Jan de Vries**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SIL DE STRÂNJUTTER – SIL DE STRANDJUTTER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **COR BRUIN, H.N. BOOY en F. DROST** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 1999 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

### **PERSOANEN:**

- Sil Droeviger - strânjut en boer
- Jaakje - syn frou
- Gonne - buorfrou (widdo)
- Ane - al hwat âldere buorman
- Dûmny
- Gert - freon fan Sil
- Nien - frou van Gert
- Maam - dochter fan Nien en Gert
- Lobke - oannommen dochter fan Sil
- Jelle - âldste soan fan Sil, ± 20 jier
- Wietse - jongste soan fan Sil, ± 19 jier

### **TOANIEL:**

Boerekeamer op Skylge mei :  
Rjochts: plattebuiskachel foar bitigelde skoarstien  
Lofts: gordyn foar it bedsté  
Efter: raam en doar nei de skourre

### **KLEAN:**

Skylger klean ± 1880

## EARSTE BEDRIUW

*(Sil en Jaakje sitte foar de kachel. De stoarm gûlt troch de skoarstien. Jo hearre ek de rein. It moat oerkomme dat it goed needwaer is. Dat heart men ek oan it bolderjen fan'e sé.*

*Se dogge beide neat; se hawwe alle omtinken by de stoarm)*

Jaakje: *(Giet oerein en nei efteren)*

Sil: Hwat silst?

Jaakje: Efkes by de jonges sjen.

Sil: Dy sliepe as murden. *(Jaakje giet dochs ôf en Sil rint nei't rût stoareaget nei bûten. Jaakje komt wer op)*

Jaakje: Alles is goed.

Sil: Fansels is alles goed.

Jaakje: 'k Wit net.....

Sil: *(Draeit him om)* Hwat witst net?

Jaakje: Dy stoarm.....

Sil: Bist bang?

Jaakje: It is sa'n fjemde joun.

Sil: Wy geane ek op bêd. Hwa wit, moat ik der fannacht noch ôf. *(Hy giet sitten en makket risselwaesje syn klean út to lûken)*

Jaakje: Ik kin dochs net sliepe.

Sil: Bistou nou in Skylger frou of net?

Jaakje: Stil mar, ik wit it. Ik stel my oan. Ik bin nou ienkear net sa sterk as dy. Dou.....

Sil: *(Sjocht har oan)* No, hwat?

Jaakje: Och neat. Dou bist nea bang. Dou doarst alles, dou sjochst nearne gefaer. Ik bin oars.

Sil: Dou sikest dyn heil by't tsjerke.

Jaakje: *(fel)* Dêr meist de gek net mei hawwe.

Sil: Dat haw ik ek net. Mar ik hâld myn forstân foarop. De tsjerke kin de stoarmen ek net tsjinhâlde. As der skippen op sé forgean, dan forgeane se.

Jaakje: Dou bist opstannich.

Sil: Soms, ja, somtiden bin ik opstannich. Hwêrom bart it allegearre? Hwêrom forsûpe der mei dit waer wer minsken as katten? En hwêrom..... *(hâld ynienen op)*

Jaakje: Siz it mar.

Sil: Hwêrom sil ik it sizze. Do witst hwêr't ik op doel. Kom, ik gean op bêd. Ik hâld de klean oan. Ik sil doch wol ôfmoatte.

Jaakje: De stoarm boazet noch oan. Hear de wyn ris bolderjen.

Sil: Us hûs stiet op'e groun. Wy sitte net op in skip. Kom, wy gean op

bêd.

Jaakje: Gean dou mar. Ik kom der oan. (*Sil fordwynt efter't gerdyn fan'e bedsté. Jaakje stiet yn tinzen en rint dan nei de oare kant fan't toaniel. Efter in gerdyn of út in kast hellet se in widze. Se stiet der hwat wêzenleas nei to sjen. Wy hearre allinne it bolderjen fan'e stoarm. Dan komt Sil wer efter't gerdyn wei*)

Sil: It wurdt slimmer. Dit wurdt fannacht..... (*Sjocht dat Jaakje by't widzke stiet*) Myn leave bern, hwat dochtst nou?

Jaakje: (*Der ôf*) Ik rêd it wer op. Lit my mar gewurde.

Sil: (*By har*) Hwêrom dochst dat? Hwat hastou?

Jaakje: It is sa'n frjemde joun, Sil. Witst noch, witst noch fan doe? It wie krekt sa'n joun, doe't it barde.

Sil: Hâld der oer op. Dat hat west. Dou hast sels sein: Wy hawwe gjin inkeld rjocht, de Heare hat jown en nommen.

Jaakje: Dat is sa. Mar in minske is swak.

Sil: En it libben is wreed.

Jaakje: Skamje dy, Sil. Wy hawwe it pûrbêst. Wy hawwe twa sounes jonges. Wy binne neat brek.

Sil: Dat is net wier. Yn ús húshâlding ûntbrekt in famke. En wy hawwe it hawn. Wy hawwe it krigen yn krekt sa'n stoarmnacht as nou. En yn dyselde nacht is it ús wer ôfnommen. Hwêrom?

Jaakje: Stil, Sil. It hat sa wêze moatten. Wy moatte birêste.

Sil: Birêste..... Dat kinne jimme faaks as froulje. Mar wy?..... Kom, ik sil noch efkes by de bisten sjen. (*of*)

Jaakje: Sjoch dan ek noch efkes of't de jonges sliepe. (*berget stadich it widske op – de wyn raest om hûs en hear. Sil komt wer op*)

Sil: De bisten binne ek rûzich.

Jaakje: Sil.

Sil: Ja?

Jaakje: Sil, ik, ik fiel my skuldich.....

Sil: Dou? Hwêrom?

Jaakje: Dat ik dy gjin dochter jaen kin.

Sil: (*Op har ta*) Hyn leaf famke. Helje dy gjin mûzenêsten yn'e holle. Hwa wit, jowst my de kommende jierren wol twa of trije dochters.

Jaakje: Ne, Sil, dat witte my wol better. Dokter.....

Sil: Dokter wit der ek neat fan. En boppedat, dou bist it allerleafste hwat it haw. Dou hast my twa fikse soannen jown. Wy moatte tofreden wêze.

Jaakje: En nyskreksa seist.....

Sil: Och, ja, men seit wolris faker hwat.

Jaakje: Mar dou wolst dochts sa graech in famke der by.

Sil: Wolle, ja wolle. Mar hwat net kin, kin net jaak. (*O sa earnstich*) En

seist my ta datstou dat widzke dêr stean litte silst? – Sit it my ta!

Jaakje: Moarn jow ik it wei.

Sil: Doch dat. Ik wol dat widzke nea wer sjen.

Jaakje: Hark.....

Sil: Hwat?

Jaakje: Ik miende dat ik immen hearde.

Sil: Ik hear neat.

Jaakje: Der is immen yn'e skourre. (*Dan giet de doar iepen*)

Gert: Sil, kom! Der is fan alles op it strân oanspield. Wy moeatte derhinne.

Sil: Hwêr?

Gert: By peal 16. In skip.

Sil: Jaak, myn learzen en oaljeklean. (*Hja hellet it efter't gerdyn fan'e bedsté wei*)

Sil: (*Tsjin Gert*) Slaen it hynder foar de wein. Nim de ierdkarre mar. En nim hwat tou mei. (*Jaakje helpt him yn'e klean*)

Sil: Oan't aenst, Jaak.

Jaakje: Foarsichtich wêze, Sil.

Sil: Fansels. (*ôf. Efter heart men him roppen: Fuort âlde. Wylst jo hearre dat it hynder fuort draeft, giet de doar we iepen en Gonne komt op. In âldeftich minske, in bytsje frjemd*)

Gonne: Joun.

Jaakje: (*Dy't by't finster stiet, skrikt*) Oh, bistou it.

Gonne: Mei dit waer kin ik it thús net bankje. Dan tink ik oan al ús manlju op sé. Mei dit waer haw ik myn Jaring forlern.

Jaakje: Gean sitten. Ik sil dy in bakje ynskinke. Der sit noch hwat yn'e pot.

Gonne: Hy is nei't strân, tink?

Jaakje: Ja, mei Gert.

Gonne: Minsken tinke allinne mar oan harsels.

Jaakje: Oan harsels?

Gonne: Ja, oan hwat der oanspielt. Oan'e minsken tinke se net.

Jaakje: Dat is net wier. Hoefolle minsken hat Sil al net rêdden? Mei gefaer foar eigen libben!

Gonne: Nimmen koe myn Jaring rêdde.

Jaakje: Dat is jierren lyn. Doe wie Sil noch in bern.

Gonne: Ik wit net iens as er wol dea is. Syn skip is forgongen. Mar se hawwe him nea foun. Hwa wit..... (*hat it mouilik*) Dêrom wachtsje ik noch altyd op him.

Jaakje: Sjoch, in lekker bakje kofje. Drink mar ris út. In stikje koeke der by? (*By har*) Toe nou, Gonne, dou bist de iennige net.

Gonne: Bistou nea bang?

Jaakje: Ja..... somtiden bin ik ôfgrysluk bang – Mar Sil is sa sterk, sa moedich.

Gonne: Jutte jowt gjin gefaer foar't libben.

Jaakje: (*Fel*) Sil jut net allinne. Sil rêdt ek minsken. Mei gefaer foar eigen libben.

Gonne: Mar it bringt aerdich jild yn't laedtsje.

Jaakje: Hwat is dyn bidoeling, Gonne. Wolstou Sil swart meitsje?

Gonne: Nim my net kwea-ôf, Jaak. Ik bin hwat twivelriedich, joun. Ik mis Jaring sa. Wy hawwe suver net togearre west. Ik haw net iens de tiid krigen om him in bern to jaen.

Jaakje: Drink mar ris del. En dou komst hjir mar sa faek as't wolst. Mar moast net altyd kleije, Gonne. It is sa foar dy biskikt.

Gonne: Dat silt wol. Mar hoe soestou wêze as dyn Sil joun ris net weromkaem? Hy rêdt minsken, seist. Hy jut net allinne. Hy kin ek weiwurde yn'e weagen.

Jaakje: Dan, dan..... (*is der mei oan*). Hwêrom seist nou krekt joun sokke forskriklike dingen. Wy moate bitrouwen hawwe.

Gonne: Dat haw ik ek hawn. Bitrouwen.

Jaakje: As..... it my oer komme soe, bitrou ik der op dat ik de krêft krije sil om fierder to gean.

Gonne: Dêr soe ik mar net to bot op rekkenje.

Jaakje: Dou, dou sjochst alles fierstento swartgallich. Dou bist mei kop yn'e fearren sitten bleaun, doe't Jaring net wer kaem. Jou moatte bitrouwen hâlde. (*Bang*) Myn God, ik woe dat Sil mar wer thús wie. Himelske Heit, hoedzje him. (*Rint troch de keamer en dansjin Gonne*) Ik woe datst hjir nea kommen wiest.

Gonne: Toe mar, wiis in aarme widdo mar it gat fan'e doar. Ik gean wol wer nei myn eigen keammerke.

Jaakje: Né, dou bliust hjir. Mar siz dan net wer sokke freeslike dingen. Sunder bitrouwen yn'e Haer is net to libjen. (*Dan stadich, mar wis*) Der binne foar dy ek noch wol moaie dingen to bilibjen, as't se mar sjen wolst. (*Gonne seit neat en drinkt har kofje; Jaakje giet nei't finster. Dan komt Nien op*)

Nien: Jaak, ik bin bang. Dou net?

Jaakje: Ja, Nien, mar moastou net by dyn dochterke bliuwe. Leit dy nou allinne?

Nien: Dy sliëpt troch alles hinne. Mar ik waard sa bang. De manlju binne allegearre nei it strân. Der is in skip op't strân roun by peal 16. Der is Gert ek hinne.

Jaakje: Mei myn Sil, ja.

Nien: Dy manlju binne alhiel breinroer, krektlyk as de sé. Se wolle rêdde en jutte. Mar se forjitte dat se froulju hawwe, dy't tûzen



noeden útsteane (*Oerstjûr*)

Jaakje: It giet meastal goed, Nien.

Nien: Dat siz ik ek altyd, as it blakstil is. Mar as de stoarm oanboazet, lykas fan'e joun, dan wit ik net hwêr't ik krûpe moat. Hwant elke kear nimt de sé syn libbens. En ienris, ienris.....

Jaakje: Nien, bidarje hwat. Gean ris efkes rêstich sitten. Ik sil dy kofje ynskinke. Wy moatte ôfwachtsje. Wy hawwe it libben net sels yn'e hân.

Gonne: (*Mei suver hwat fan leedformeits yn har stimme*) Sa haw ik ek ienris thús sitten to wachtsjen.....

Jaakje: Gonne, as't sa moat haw ik leaver datst nei hûs giest.

Nien: Lit har gewurde. Se is thús allinne. Bôppedat, der is suver gjin trochkommen oan. De wyn blaest jo fan'e dyk ôf.

Jaakje: Hjir hast lekkere sterke kofje. Dou ek noch in bakje, Gonne?

Gonne: Graech.

Jaakje: Asjeblyft.

Gonne: Tanke.

Nien: As Gert mar net tofolle weaget.

Jaakje: Se hâlde it forstân der wol by. Se witte dat se in húshalding efter harren hawwe.

Nien: Gert is somtiden sa'n ûnforstân. Dan forjit er alles.

Jaakje: It binne de moedichste mânlju fan it hiele eilân.

Nien: Ja. En as se it der libben ôfbrocht hawwe en se fine noch hwat fan harren gading, dan moatte se it nei de strânmaster bringe.

Gonne: Dat dogge se lang net altiten.

Nien: Fansels net. Se soene wol gek wêze. Sy weagje harren libben om minsken to rêdden. As alles foarby is komme de oaren om it spul yn to pikken. Se mej dochs hâlde hwat se earlik fine?

Gonne: It is Harres net.

Nien: Och, dou. Mar astou sels de kâns krigest, nimst it ek mei. Eltsenien docht it. Moast der allinne om tinke dat se dy net snippe. En moast earst wêze. (*Proastich*) Myn Gert en Sil binne altyd de earsten. Alle oaren binne dêr jaloersk op. (*Tsjin Jaakje, dy't nei de doar rint*) Hwat silstou?

Jaakje: Efkes by de jonges sjen of't dy noch sliepe (*ôf*)

Gonne: Jaak is ek bang.

Nien: Hwa soe net bang wêze?

Gonne: Se wol it allinne net wêze.

Nien: Ik woe dat ik ek sa koe. Mar ik bin oars. Ik moat tsjin eltsenien sizze dat ik bang bin, oars flean ik by de mourren op.

Jaakje: (*Op*) Se komme der oan.

Nien: Hwa.

Jaakje: Ik wit it net. Mooglik Sil en Gert. Ik hearde in hynder. (*Nei't finster*) Se binne it, ja, se binne it. (*Efter heart men it hynder en Sil ropt: Ho! Jaakje en Niet ôf nei de skourre*)

Gonne: Hwêrom komme sy werom en myn Jaring net? (*De doar giet iepen en Sil komt op. Yn'e earmen hat er in pakje, dêr't dudlik de foarmen fan in bern yn to herkennen binne. Jaakje komt efter him oan, folge fan Gert en Nien*)

Sil: Jaakje, de widze, helje de widze foar't ljocht.

Jaakje: Hwerom? Hwat hast dêr?

Sil: De widze, Jaakje. De widze, siz ik.

Jaakje: Mar (*giet nei de hoeke en hellet de widze foar't ljocht*) Dou hast dochs gjin.....

Sil: Hwat haw ik dy joun sein, Jaakje? Hwa stjûrt ús libben? Dy âlde seur fan in dokter of ús Heit yn'e himel? De lêste, Jaakje. Hy hat ús dizze rûzige nacht in famke skonken. In famke, mei moai lang hier. Heitsje de widze klaer, Jaak; en Nien, poun dou de kachel oan. It moat hjir gleonhjit wurde. It bern is stienkâld. Mar it libbet. En dou Gonne, meitsje dou in waerme krúk. Avesearje, allegearre. (*Se dogge hwat Sil seit*)

Sil: Set de widze tichter by de kachel Jaak. Sa, ja. Ik wol it der sles ynlizze. Hwant dit bern is in geskink út'e himel, Jaak.

Jaakje: Forsichtich, Sil.

Sil: Soe ik gjin bern mear yn'e widze lizze kinne? It kin der krekt yn. Lokkich, dat ik it hwat oan'e greate kant timmere haw. (*Hy hellet it seil fan't bern, dat nou yn't widzke leit*)

Jaakje: Oh, hwat it leaf popke.

Nien: Witst seker dat it noch libbet. It beweecht net.

Sil: It hat gûld. Dan libbet it dochs – sjoch, de eachjes geane iepen. It libbet! Hwêr bliuwt de krúk, Gonne, aveseareje dochs hwat. Nien, doch noch hwat hout op'e kachel. En jou noch in tekken, Jaak. Doch se de kleantsjes út en wikkelfe har yn tekken. Dan rop ik de jonges. Se moatte harren suske sjen (*Nei de doar*)

Jaakje: Doch dat net Sil, lit se dochs rêstich sliepe.

Sil: Né. Hwant justerjoun hat Jelle noch nei de dobbe west om to sjen of der ek kninen komme to drinken. Hwat ik haw him forteld dat famkes út kninehoalen komme. En nou haw ik in famke rêdden út'e greatste dobbe fan'e wrâld.

Gert: Mei gefaer foar eigen libben.

Sil: Och kom, hwat is gefaer. (*De froulje birêdde it bern yn'e widze, mei krúk ensf.*)

Gert: Of is it oars? Witst hwat dyn man prestearre hat, Jaak?

Sil: It mei gjin namme hawwe. Praat der mar net oer. (*De doar giet*)

*iepen en Ane, in âldere man komt op)*

Ane: Hwat haw ik heard, hast in bern rêdden Sil? It hiele doarp is der fol fan.

Gert: *(Fortelt it oan Ane, mar ek de oaren harkje)* Wy kamen by peal 16. Wy wiene de earsten. Mar al gau kamen Douwe Ruygh en Tjalf Smit ek mei de wein. En doe noch folle mear. En deun foar ús lei dat skip op it strân. In Sweed, tinke wy.

Sil: De weagen sloegen oer it skip hinne. Ien fan'e mêsten wie al oer board slein. Oan'e oare mêst wappere allinne noch hwat flarden fan seilen. It skip kreaake en die, wy koene it dúdlik heare. En hwat die dy bimanning?!

Gert: Dy stommelingen lieten in reddingsboat sakje, oan'e Noardkant! Hearre jimme, oan'e Noardkant.

Sil: Wy raesden noch: net dwaen, net dwaen, jimme komme om yn'e branning. Mar sy gongen troch. Se hearden ús net iens.

Gert: Doe kaem Sil op in idé. Hy helle de ienen touw fan'e karre en boun dy oanelkoar. Mei ús fjouweren, Douwe, Tjalf, ik en Sil foarop, gyngen wy de sé yn.

Sil: Wy stiene oan'e hals ta yn't wetter. Sa nou en dan fielde ik gjin groun mear ûnder de fuotten. It wylde wetter fan'e sé brúsde oer ús hinne.

Gert: Ynienen seagen wy de sloep foar de boech fan it skip.

Sil: De riemen fan'e minsken mealden troch de loft. Wy seagen se wrotten, mar se kamen neat foarút.

Gert: Doe sloech de sloep efteroer. De punt skeat heech troch de loft.

Sil: Fuort letter seagen wy neat mear. Alles like yn wylde wite weagen fordwoun. Mar ynienen seach ik in stip. Dat moast de sloep wêze. Mar wy koene der net bykomme. Wy gyngen forslein werom nei it strân. Dochs woe ik wite oft der noch minsken yn dy sloep wiene. Ik haw doe it hynder útspand, bin der op sitten gien en haw him it wetter ynjage. Ik haw him hoarte my myn hakken en slein mei myn hannen. It bist swom troch it wetter, soms gie it ûnder 't skomjende wetter.

Ynienen waerd de sloep troch in metershege weach nei my ta smiten. Ik hie de pikheak by my. Ik sloech en ja, hy heakke. Foaryn sjoch ik in bern en in folwoechsen. Der is noch libben oan board! Ik smyt my yn'e sloep en kom op'e rêch del. Lokkich binne de riemen noch heel. Ik pak se fêst en doe bigoun de striid. Earst krige ik de boat gjin meter foarút. Mar doe, doe krigen de riemen hâldfêst yn it wetter. Stadichoan bin ik nei Peal 17 wrotten. Dêr sloech de sloep op it strân. Foar yn'e boat gûlde in lyts bern. Ik fleach der hinne. In frou hold it bern yn har earmen. Se hie in greate woune

oan'e holle. Se wie dea.  
 Mar it bern libbe. Ik haw it út'e earmen fan'e mem losmeitsje moatten. Ik seach it daelks Jaak, it wie in famke. De sé hat nommen en de sé hat jown. Us joech it in famke, Jaak, in famke.....

Jaakje: *(By him)* Myn leave moedige Sil.  
 Sil: Nou hawwe wy in famke, Jaak, de sé hat ús in famke brocht.  
 Jaakje: Mar, mar hwa seit dat wy it hâlde meije?  
 Sil: Ik. Ik haw it mei gefaer foar eigen libben rêdden. Oars wie se fordronken. En har eigen mem is wei. Alle mânlju op it skip binnen wei. It bern hat gjin heit en gjin mem mear. Dat wurde wy, jaak.  
 Gert: It wie in Sweedsk skip.  
 Sil: En hwat soe dat? Hwa hat mear rjocht op it bern as ik, dy't it rêdden hat? It bern wie foar dea opskreaun. Ik haw it bern opnij har libben jown, Jaak.  
 Jaakje: Wy sjogge noch wol.... Moatst earst mar efkes doech guod oanlûke.  
 Sil: Droech guod? Bern, hoe kryst it yn'e plasse. It strân leit bissiedde mei spul. Wy moatte der daliks hinne.  
 Gert: Moast rekkenje dat de oaren har út'e naden skreppe om de búten binnen to krijen.  
 Sil: Aenst stean wy dochs wer ta de mul yn't wetter.  
 Nien: Jimme skypje grif kjeld. Aenst binne jimme deasiik.  
 Gert: Wy siik?  
 Sil: Siik? Haw ik oait in misse dei hawn Jaak? Liz de waerme klean mar foar my klear en set de flesse der njonken. Mei in ûre binne wy der wer. *(Nei de doar)* En tink goed om it fanke. Ik soe der noch in krúk bylizze. *(Hy komt dûmny tsjin by de doar)*  
 Dûmny: Hwat haw ik heard, Sil, dou hast in bern rêdden?  
 Sil: Ja, dûmny. Mar ik haw nou gjin tiid. Wy moatte nei't strân. Fan'e wike komme wy wol efkes by dûmny lâns om it bern ynkoarten dope to litten.  
 Dûmny: Wachtsje ris Sil, dat giet samar net.  
 Sil: Hwat net?  
 Dûmny: Dat dopen. Wy moatte earst ûndersykje fan hwa't it bern is. Dou wolst it dochs net hâlde, Sil?  
 Sil: Woe dûmny dan dat ik it weromsmiet yn'e greate dobbe?  
 Dûmny: Ik wurdearje it Sil, dat jimme salang foar it bern soargje wolle.  
 Sil: Salang?  
 Dûmny: Fansels. Jimme kinne dit bern net sûnder mear hâlde.  
 Sil: *(Nei dûmny)* Dûmny, ik haw dit bern rêdden. Sûnder my hie it net mear libbe. De mem is dea en de heit is dea. Ik haw altiten in famke hawwe wollen. Nou haw ik it, krigen fan'e sé, stjûrt fan Heger hân.

En ik sil it hâlde, dûmny. Bigripe jo dat?

Dûmny: Kalm, Sil.

Jaakje: (*Giet tusse Sil en dûmny stean*) Sil, sa praet jo net tsjin'e dûmny.

Sil: (*raest*) Kin my neat skele. Jo hiene hjir om my net komme hoecht. Mar jo binne stjûrd, hin. Doe't ik it bern hie en it doarp ynried kaem ik de hearen fan de strânmster al tsjin. Se holden my oan en seagen it famke. "Jow ús mar mei, wy soargje der wol foar", sei dy âlde, dy Ties Douwes. Mar ik haw sein: "Dou bliuwst der mei dyn klauwen ôf, bigrypst? En ast net oan'e kant giest, dan slaen ik dy oan spounnen". En hy gie oan'e kant. Sa sit it, dûmny. Eltsenien bliuwt fan myn bern ôf. En jo sille it dope, of jo sjogge my net wer yn tsjerke.

Jaakje: Sil.....

Ane: Sil is oer de toeren. Alles hwat er meimakke hat, komt der no út.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**